

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes Underwerp: Burokrasy by Kulturele Haadstêd 2018
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>2018, it jier dat Kulturele Haadstêd him ôfspylje sil, komt rap tichter by. Tal fan organisaasjes hawwe ideeën en projekten nei foaren brocht, by de provinsje Fryslân of streekrocht by de projektorganisaasje KH2018 sels. In soad projekten binne 'mearjierrich', guon dêrfan hawwe in rintiid fan bygelyks 2015 of 2016 oant nei 2018 sels. It is fansels ek sa dat ferskate inisjatyfnimmers tiid nedich hawwe foar in goede tarieding of foar it winnen fan fûnsen. It giet faak om hiele grutte projekten dêr't faak tonnen of sels miljoenen euro's yn omgeane.</p> <p>Fan ferskate kanten hat de FNP-fraksje begrepen dat de beslútfoarming oer de takenning fan de sinteraasje troch de provinsje of troch de projektorganisaasje útbliuwt. Dêrby wurde inisjatyfnimmers mei ekstra fragelisten en burokrasy konfrontarre foar't der besluten nommen wurde kinne. Yn tanimmende mjitte ropt dat frustraasje op, sels sadanich dat guon organisaasjes drige hawwe om op koarte termyn harren weardefolle projekten yn te lûken as der gjin dúdlikens komt. Der binne sels deadlines neamd. It giet hjir foar alle dúdlikens om projekten dêr't oer de ynhâld folop lof is fan de kant fan KH2018 en/of de provinsje.</p> <p>Yn de eardere Steateperioade (septimber 2014) hat de FNP ek al skriftlike fragen steld oer de fuortgong fan Kulturele Haadstêd. It hat ús bliken dien dat ús soargen fan doe net fuort nommen binne. De FNP wol graach dat Kulturele Haadstêd in sukses wurdt mar dan moatte inisjatyfnimmers wol stimulearre en net ôfremme wurde troch ûndúdlikens of ekstra burokrasy.</p> <p>Dêrom hawwe wy de folgjende fragen:</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Kloppet it dat ferskate organisaasjes op hiele koarte termyn dúdlikens hawwe wolle oer de finânsjes oer harren yntsjinne projekt ?2. Kloppet it dat, as dy dúdlikens útbliuwt, guon organisaasjes de handoek yn 'e ring smite?3. Beseft it Kolleezje dat it jaan fan dúdlikens nedich is foar it rûnkrijen fan de begruttingen fan de organisaasjes (om ek oare fûnsen te winnen)?4. Sa ja, wat docht it Kolleezje om de inisjatyfnimmers belutsen te hâlden en de organisaasje fan KH2018 efter de broek te sitten om op koarte termyn dúdlikens te jaan?

	5. Krietyk fan organisaasjes is ek, dat der in soad burokrasy nedich is foar in projekt om grien ljocht te krijen. Kloppet dy krietyk en wat docht it kolleezje dêroan ?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Corlienke de Jong
---------------	---

Datum	15 febrewaris 2016
-------	--------------------